



Ut 'e Pinne
Ferienigingsblêd fan it Frysk Selskip
'Fier fan Hûs' Apeldoorn
Sûnt 9 desimber 1901



57^e jiergong nr 2 – febrewaris 2024

Personalia

Eareleden

Aafje Miedema - Loonstra.

Hennie Wiersma - Wiersma

Lammert Toering

Theun Ruim

Bestjoer

Foarsitter: Henk de Boer

De Wezeboom 4, 6971 HP Brummen
06-53929111 henkank.deboer48@kpnmail.nl

Skriuwer: Gerrit Stegenga

Germanenlaan 26, 7312 JA Apeldoorn,
055-3556700
fierfanhus.apeldoorn@gmail.com

Skathâlder:

fakatuere

2^e Foarsitter:

fakatuere

Lid: Froukje de Wilde – Witteveen

Rentmeesterhof 7, 6961 DB Eerbeek
0313-654859, witwil1940@gmail.com

Lid / ferlotting: Lammert van der Meulen

De Parkelaar 11, 7339 JC Ugchelen,
055-5341500
lammervandermeulen@kpnmail.nl

Lid gastfrou: Atsje Roorda - Kooistra

Jacobus Meijlinkstraat 18, 7425 SM Deventer
0570-591174

Kritemeilibjen

It Kritemeilibjen wol graach op 'e hichte hâlden wurde fan sykte, ûngemak, en jubileums. Dan kinne wy meilibje troch in tillefoantsje, in kaartsje of in bisite.

Hennie Wiersma

Waagmeesterhoeve 509, 7326 RZ Apeldoorn,
055-5337614

Jose Bonder

Arbeidstraat 12, 7311 CT Apeldoorn,
055- 5223656

Sietske Stegenga

Germanenlaan 26, 7312 JA Apeldoorn,
055-3556700

*By de foto op de foarside: een boatsje farrend yn de Opsterlânkse Kompagnonsfeart,
ûnderdiel fan de Turfrûte*

It jier 2024 is alwer mear as in moanne ûnderweis no't ik dit skriu. It is sûterich waar, mear maitiid as winter. Mar dy't fan reedriden hâldt, hat al even ride kinnen yn it oanbegjin fan dizze winter. De nijjiersbesite ha wij hân op 13 jannewaris. It wie in gesellich barren mei in nijsgjirrige bijdrage fan ús lid Tjalling Beetstra. Hij fertelde animeard oer de skiednis fan de stêd Dokkum. It die it bestjoer tige deugd dat der in bêste opkomst wie fan ús leden. En it stampotmiel wie poerbêst. It wie in goed idee om op de sneontemiddei betiid te begjinnen sadat eltsenien moai op'e tiid wer nei hûs koe.

De kritermiddei yn oktober ferline jier waard minder goed besocht. It koar Tûzend Triennen brocht in kabaretachtige sjongmiddei foar ús op. Dy't der wienen ha derfan genoaten.

Ús ledetal rint tebek, te hurd. En dêrtroch ek de kontribúsje ynkomsten en dy fan de yntree. Dat wylst de kosten foar de selskippen en de seal heger wurde. Dêr sitte wy oer yn noed. Wy sille as bestjoer neitinke moatte oer wat foar aktiviteiten wy yn de takomst hâlde kinne en hoe't wy it betelje kinne. Suggestjes fan jo as lid binne altyd wolkom dêrbij. It is in ljochtpunt dat in lid ree fûn is om skathâlder te wurden. Sjoch de wurklist fan de jiergearkomste.

Op de oankommende kritermiddei, 9 maart, komt it kabaretselskip Noordebos & Ko. In selskip dat yn it ferline altyd soarge hat foar in fermaaklik programma. Dat sil wis en seker no ek sa wêze en dus hoopje wy dat in soad leden yn it Ugchelens Belang present wêze sille. By genôch belangstelling hâlde wy wer in iterij neitiid.

Op 16 maart is de jiergearkomste en it moetingssintrum en de ynspiraasjemiddei fan it Keninklik Frysk Boun om Útens bij de krite Waling Dykstra fan Meppel. Dy krite bestiet dit jier 125 jier. Sjoch fierderop yn dizze Pinne foar mear nijs.

Sneon 13 april hâlde wy dan noch ús eigen jiergearkomste en dêrmei is dan it winterskoft wer tenein.

Ik winskje jimme in moaie maitiid ta en hoopje jimme te moetsjen op 9 maart en 13 april. En wa wit faaks op 16 maart bij de krite Waling Dykstra fan Meppel.

**Yn memoriam Froukje van Laar-de Vries**

Henk de Boer

Ik ha in moai libben hân, stie foarop har roubrief. Froukje van Laar, famkesnamme De Vries, berne op 12 july 1943 yn Wierum. It doarp dêr't se graach wer hinne gie, it doarp dêr't har heit en mem, broer en skoansuster begroeven lizze.


Froukje kaam yn 2009 yn it bestjoer fan de Fryske Krite, in trouwe, meilibjende sekretaris. Har bestjoers- en jierferslaggen wienen punktueel. It foarlêzen fan it jierferslach gie rêstich en elk wurd waard punktueel útsprutsen. Krekt lykas sij yn'e klas oan it foarlêzen wie. Froukje wie as ûnderwizeres op'e legere skoalle alhiel te plak.

Froukje hold yn 2019 op as sekretaris fan ús krite, it woe net mear. Se waard ferjitlich. Net lang nei't se ophold gie se tebek nei Fryslân, nei fersoargingshûs Dongerahiem, om presys te wêzen. Sa kaam se te wenjen yn de buert fan har neef en nichten dy't har holpen wanneer nedich. Yn Dokkum dêr't se har kweekskoalle diploma helle. Dokkum dêr't in soad oantinkens út har skoaljeuchd leinen en boppedat tichtbij har berteplak Wierum. Yn 1966 kaam se nei Eerbeek dêr't se har karriêre as skoaljuffer begûn.

Froukje ferstoar op 1 oktober 2023 yn Dokkum. Se is rom 80 jier wurden.

Wurklist foar de Algemiene Ledegearkomste oer it jier 2023 fan it Frysk Selskip 'Fier fan Hûs' te Apeldoarn op sneon 13-04-2024, 14.00 oere, yn De Duiker te Ugchelen.

1. Iepenjen
2. Fêststellen fan de wurklist
3. Meidielings – betinken fan de leden dy't út ûntfallen binne yn 2023
4. Ynkommen en útgjene stikken
5. Ynfentarisasje punten fan omfreegjen (sjoch wurklistpunt 14)
6. Oantekens fan de ledegearkomste fan 14-04-2023 (oer it jier 2022)
De oantekens steane earne oars yn dizze Pinne
7. Evaluaasje fan it kritejier 2023
8. Jierferslagen oer 2023:
 - 8.1. fan de skriuwer
 - 8.2. fan de ponghâlder
 - 8.3. exploitaasjerekken 2023
 - 8.4. balâns
 - 8.5. fan de boekeferkeap
 - 8.6. fan it kriteimeilibjen
 - 8.7. fan de kaskommisje – de kaskommisje bestie út hr. Nieuwland en hr. Toering
9. Konsept begrutting 2024 en 2025
10. Beneaming nij lid fan de kaskommisje
Hr. Nieuwland is ôftredend. Ynkommend is hr. Beldman. Der moat al in reservelid komme, dy't dan it oare jier meidocht. Wa???????
11. Bestjoersferkiezing
 - 11.1. Ponghâlder. It bestjoer is der yn slagge om in geskikte kandidaat te fynen. It stelt út om de hear Piet Ypma te beneamen as ponghâlder.
 - 11.2. 2^e Foarsitter. Dizze fakatuere is noch net ynfold. It bestjoer stelt út om dat no ek noch net te dwaan.
 - 11.3. Gastvrouw. Fr. Atsje Roorda is oan bar fan ôftreden, mar is werkiesber. It bestjoe stelt út om har op 'e nij yn te hieren foar 4 jier.
12. Earje en wurdearje
13. Wurklist 2024 – 2025
14. Omfreegjen
15. Sluten



Frieze-producten.nl

Online Friese kado's

Kado's
Kalenders
Sleutelhangers
Wenskaarten
Shirts
Vlaggen • Stickers • Agenda's
Truien • Sokken • Handdoeken
Sjaals • Mutsen • Glazen
Mokken • Snoep en ...
nog véél meer!

Webwinkel met meer
dan 500 Friese artikelen.
Vandaag besteld,
overmorgen in huis!

www.frieze-producten.nl

06-53259385

HAIRSTYLING DICK

UW HAAR IS ONZE HOOFDZAAK

055 3555991

ASSELSESTRAAT 269
7312 CV APELDOORN
06 5558174

HAIRSTYLINGDICK@HOTMAIL.COM
ING 653115008

HOZA

SUPERCENTER

Voor vakman en hobbyist

GEREEDSCHAPPEN - TUINHOUT - TUINMEUBELEN

Zwolseweg 323 7345 AA WENUM-WIESEL

055 - 521 98 75 * info@hoza-apeldoorn.nl * www.hoza-apeldoorn.nl

Oantekens Algemiene Ledegearkomste 2022 fan it Frysk Selskip "Fier fan Hûs", Apeldoorn op 14 april 2023 yn de Duiker, Ugchelen

1. Iepenjen

Om 19.00 oere iepenet de foarsitter, Henk de Boer, de Algemiene Ledegearkomste oer it jier 2023 fan it Frysk Selskip "Fier fan Hûs", yn de Duiker te Ugchelen.

Oanwêzich binne Henk de Boer, foarsitter en ponghâlder (a.i.), en bestjoersleden Froukje de Wilde, Atsje Kooistra, Lammert v.d. Meulen en Gerrit Stegenga (skriuwer).

Bestjoerslid Bero Postma is der net; syn sûnens lit it net mear ta.

Der binne fierder 18 leden, dêrûnder de eareleden Aafje Miedema, Lammert Toering en Hennie Wiersma. Der binne gjin meldings fan ôfwêzigens.

De foarsitter seit dat it in lyts groepke is, mar hy is bliid dat de oanwêzigen der binne. Nei koroana is it wer wat in 'normale' tiid wurden. Hjirnei is de gearkomste, dy't giet oer it jier 2022, iepene.

2. Fêststellen fan de wurklist

Oan 'e wurklist wurdt punt 11.3 tahekke: it ôfgean fan de foarsitter, Henk de Boer.

3. Meidielings

Der binne gjin meidielings.

De leden dy't yn 2022 ferstoarn binne, wurde steand betocht.

De oanwêziche eareleden, Aafje Miedema, Hennie Wiersma en Lammert Toering krije in spesjaal wolkom fan de foarsitter.

4. Ynkommen en útgjene stikken

Der binne gjin ynkommen en útgjene stikken dy't yn de gearkomste neamd wurde moatte.

5. Ynfentarisaaasje punten fan omfreegjen (sjoch wurklistpunt 14)

Der binne noch gjin minsken dy't wat te freegjen hawwe.

6. Oantekens fan de Algemiene Ledegearkomste fan 18-09-2021 (oer 2020)

De oantekens steane yn de lêste Pinne. Der binne gjin fragen of opmerkings oer.

Se wurde fêststeld mei tank oan de gearstaller.

7. Evaluaasje fan it kritejier 2022

It wie, neffens de foarsitter, in koart jier. Pas yn maaie begûn it wat rommer te wurden en koe der wat organisearre wurde. De ledegearkomste koe yn maaie hâlden wurde.

De oanwêzigen fûnen it wol in goed kritejier.

8. Jierferslaggen

8.1. fan de skriuwer

De gearkomste hat gjin fragen of opmerkings oer it jierferslach. It hat yn de lêste Pinne stien. It jierferslach wurdt fêststeld.

8.2. fan de ponghâlder

8.2.1. eksploitaasjerekken 2022

Henk de Boer jout in taljochting op de sifers dy't yn de gearkomste útdield binne. Der binne guon leden dy't harren kontribúsje oer 2021 pas yn 2022 oermakke hawwe. Dat bart eins elts jier wol, dat se nei 31 desimber betelje. Der binne noch 11 adverteerders; it ledetal giet stadich-oan efterút.

Fierders binne der gjin fragen oer de eksploitaasjerekken

8.2.2. balâns 2022

Der binne gjin fragen oer de balâns.

8.3. fan de boekeferkeap

Froukje de Wilde seit dat der 3 keer in boeketafel west hat. Se hat yn 2022 3 cd's

ferkocht. Der wurde noch hieltyd âlde boeken oanlevere.

Op de kritermiddei mei Bennie Huisman, hat Froukje ek wat boeken fan him ferkocht. En ek 6 bûsboekjes, mar dêr wurdt neat op fertsjinne.

8.4. fan it kritermeilibjen

Hennie Wiersma jout ynsjoch yn it wol en wee fan it kritermeilibjen. By in ferstjerren wurdt net sa faak mear in blomstik jûn, mar wurdt in kaart ferstjoerd. Hennie freget oft de minsken it trochjaan wolle oan it kritermeilibjen as der wat spilet by de leden. 'As wy it net witte, kinne wy ek net reagearje', neffens Hennie. En sa is it.

8.5. fan de kaskommisje

De kaskommisje, hr. Kingma en hr. Nieuwland, hat de boeken neisjoen. Johan Nieuwland seit dat alles dik yn oarder wie. De boekhâlding wurdt presys en helder byhâlden en 'lêst maklik'. De kaskommisje stelt de gearkomste út en ûntlêstigje it bestjoer foar it fierde bewâld oer 2022. De gearkomste nimt dit oer.

9. Konsept begrutting 2023 en 2024

Henk de Boer jout taljochting. De begrutting giet oer 2 jier, want mei 2023 binne wy al úteinset. Der wurdt praat oer oranjekoeke by de kofje, wol of net ferheegjen van yntree-jild, lytsere stikjes oranjekoeke of gewoane koeke. It docht bliken dat de gearkomste in yntree-priis fan € 17,50 of faaks € 20,- gjin probleem fynt, mar faaks tinke net alle leden hjir sa oer. De gearkomste fynt it in goede begrutting en stelt him fêst. It bestjoer sil him oer de opmerkings bûgje en mei in útstel komme.

10. Beneaming nij lid kaskommisje

Hr. Kingma is ôftredend. Hy wurdt betanke foar syn wurk. Reservelid Lammert Toering wurdt no kaskommisjelid neist Johan Nieuwland. As reserve biedt Gerard Beldman him oan. Dêrmei is de kommisje wer kompleet.

11. Bestjoersferkiezing

11.1. Ponghâlder

It bestjoer is noch dwaande om in nije ponghâlder te finen.

11.2. 2^e foarsitter Bero Postma moast om reden fan sûnens syn sit yn it bestjoer opjaan. It giet noch hieltyd efterút mei Bero. Fan him wurdt ôfskie nommen as bestjoerslid. Foar syn frou Akke is der in bosk blommen. Oare saken hoege net.

Fanút de gearkomste is der net ien dy't yn it bestjoer wol of kin.

De foarsitter seit dat it bestjoer op dizze wize wol lytser wurdt en faaks net alles mear neikomme kin.

11.3. Oftredend is ek Henk de Boer as foarsitter. Hy hat 12 jier foarsitter west, wylst de statuten oanjouwe dat 8 jier it maksimum is. De gearkomste fynt nettsjinsteane dat dat hy noch wol in termyn trochgean kin. Henk sels hat der gjin muoite mei. De gearkomste stimt mei applaus yn mei syn herbeneaming.

12. Earje en wurdearje

Der wurde dit kear gjin spjildsjes útgjûn.

13. Wurklist 2023 - 2024

De konsept wurklist hat yn de Pinne stien. De datum fan 29 oktober is ferkeard; moat 28 oktober wêze, mar dat is noch net wis, want it is dreech om in seal te krijen. It bestjoer is noch dwaande mei it oplossen hjirfan.

Sa gau as der mear nijs is, komt dy ynformaasje ek nei de leden ta.

Op 16 septimber fiert it Frysk Boun om Utens it 100-jierrich bestean yn Swol. Op de fraach oft dy seal mei de bus berikber is, komt in posityf antwurd.

It bestjoer sjocht gjin kâns om in eigen bus ride te litten.

Opjaan foar dit barren kin noch oantemei 14 juny by de skriuwer.

14. Omfreegjen.

José Bonder freget hoe lang Fier fan Hûs bestiet? Oprjochte op 1 desimber 1909.

Atsje Roorda freget oft de jiergearkomste tenei op sneontemiddei hâlden wurde kin. It bestjoer

sil dit besjen.

Hennie Wiersma seit dat guon leden de Pinne en de kritebrief net krije. Johan Nieuwland sil him hjiruer bûgje en in oplossing fine.

Atsje Roorda freget oft tenei de aktiviteiten fan it Frysk Boun om Utens apart yn de nijsfoarsjenning komme kinne. No steane se tusken de aktiviteiten fan Fier fan Hûs en dat jout betizing. It foarstel wurdt oernommen.

15. Sluten

De foarsitter seit tank oan de oanwêzigen foar kommen en ynbring en slút de gearkomste. Skriuwer en Frysist Hein Jaap Hilarides praat dêrnei oer syn boeken en sjongt ek in pypfol.

April 2023

Gerrit Stegenga

Saken út it Keninklik Frysk Boun om Utens

Gerrit Stegenga

Op de Jubileumgearkomste fan it Boun, op 16 septimber 2023 hat it Boun út hannen fan de Kommissaris fan de Kening, de hear Arno Brok it predikaat 'Keninklik' krigen. Der is it bestjoer fan it Boun fansels tige bliid mei.

It wie in moai feest, dêr't fan ús krite ek inkelde minsken oanwêzich wienen.

Ta gelegenheid fan it jubileums hat it Boun in boekje mei foto's útjûn. Yn dit boekje wurdt weromsjoen op hûnderd jier Frysk Boun om Utens.

De Algemiene Ledegearkomste fan it Boun sil hâlden wurde op 16 maart 2024 by de krite Meppel. It plak fan gearkommen is Doarpshûs De Schalle, Nieuweweg 27, 7948 AA yn Nijeveen.

Nei de gearkomste is de Moetings- en Ynspiraasjemiddei. Hjir sil it gean oer 'Waling Dijkstra' en de hearen Waling Dijkstra, Goffe Jensma en Abe de Vries sille hjir harren ljocht oer skine litte. It liket in nijsgjirrige moetingsemiddei te wurden.



Sikke en Tiny Klaver-Koopmans wienen op 20 jannewaris j.l. 60 jier troud. Op 3 febrewaris ha se dat mei famylje, freonen en kunde fierd. It selskip kaam út ferskate parten fan Nederlân. Sikke en Tiny, berne yn Drachten, ha yn allerhande provinsjes wenne. Atsje Roorda, Henk en Ank de Boer wienen by de gesellige middei en ha se út namme fan it Frysk Selskip 'Fier fan Hûs' lokwinske.

Gerrit Stegenga

Yn it nije jier hat it bestjoer de saken wer oppakt. Wy kinne weromsjen op in moaie nijjiersbesite, mei lekker stampot-iten en in nijsgjirrich ferhaal oer Dokkum fan ús lid de hear Tsjalling Beetstra.

No op nei de kritermiddei mei it kabaret Noordenbos en Ko, mei it stik 'Gjin C te heech'. De ferwachtings binne heech.

Dêrnei fansels de ledegearkomste mei in weromblik op it jier 2023.

En dan sit it kritejier 2023-2024 der al wer op.

Foar it bûsboekje

- 09-03-2024: Kritemiddei yn Ugchelens Belang; doarren iepen om 14.30 oere; start om 14.00 oere.
- 13-04-2024: Ledegearkomste yn De Duiker; doarren iepen om 13.30 oere; start om 14.00 oere. Oer is neiprogramma binne wy noch dwaande.
- Septimber 2024: Kritemiddei; earst efkes mei de kontaktpersoanen en dêrnei?????
- Novimber 2024: Kritemiddei mei???????
- Jannewaris 2025: Nijjiersbesite mei stampopot-iten en in 'foarprogramma'.
- Maart 2025: Kritemiddei mei toaniel
- April 2025: Ledegearkomste

Troch ferhúsjen en ferstjerren hat de krite op dit stuit noch 90 leden.

**Voor Apeldoornse burgerij
Hooijer's schoenmakerij**

**Kwaliteitsschoenen verdienen het om vakkundig
gerepareerd te worden**



**Hooijer's
Ambachtelijke
Schoenmakerij**

een gecertificeerd Meester Schoenmaker

Asselsestraat 42 7311 EM Apeldoorn Tel. (055) 5786966	Van Ghenstraat 8 Twello Tel. (0571) 273392	Speulderweg 24 3886 LB Garderen Tel (0577) 41773
---	--	--

Sneon 9 maart 2024 yn Ugchelens Belang, Boogaardsdijk 81, 7339 AN UGCHELEN. Oanfang: 14.00 oere, seal iepen: in heal oere foar de tiid. Yntree leden € 17,50 net leden € 20,-.



Gjin C te heech

Hurde wyn, wylde weagen, heech wetter,
Foar Noordenbos en Ko giet gjin see te heech
De mooie loften de waarme sinne,
de stilte fan it waad,
Dat alles joech ús ynspiraasje en sjongnocht!
Mei teksten en muzyk fan eigen boaiem
en een knypeach nei Toppers fan toen

Spilers:

Aline v.d. Wey - Struiksma
Renie Zuiderveld
Janneke Themmen - Westra
Klaske Kingma – Noordenbos
Oan 'e piano: Pieter Jelle v.d. Laan
Lud: Lourens Koldijk

Mei-inoar ite?

Nei ôfrin fan de foarstelling is der in mooglikheid om mei-inoar te iten, as der genôch belangstelling foar is. Wolle jo mei-ite, jouw dat dan troch oan de skriuwer, Gerrit Stegenga, **foar 25 febrewaris** (e-mail: fierfanhus.apeldoorn@gmail.com of 0553556700).

De kosten sille lizze tusken € 25,- en € 30,-; dit hinget ôf fan it tal dielnimmers.

Nei Hallum kaam de MHBS yn Ljouwert. Op It Bildt Meisjes Burger neamd. Se praatten yn de MHBS gjin Frysk en ek gjin Ljouwerters. Yn de les net teminsten.

Dy skoalle stie yn de Grote Kerkstraat lyk foar it Prinsessehof oer. Dêr wenne eartiids Marijke Meu. Har pertret kin men fan it âldehouster plein ôf op in muorre sjen. Alle, mar dan ek alle Europeeske keningshúzen stamme fan har ôf, ek dy fan Ingelân en Monaco dus, om mar in pear te neamen.

Juffrou De Bruijne wie directrice fan de Meisjes Burger. Sij kaam út Sêlân. Ik trof hjir yn Apeldoorn in man dy't ek De Bruijne hiet. Hij sei de namme moest útsprutsen wurde as De Brúne. In De Brune wie lang lyn in taelkundige yn Sêlân, juffrou De Bruijne kaam út in geleard laach. Sij hold alles yn 'e gaten. Doe't ik in kear winters op skoalle in broek oan hie, sei se: "Lutske, heb jij geen rokje?" Ús heit hat it noch faak frege. Se koe fan alle bern de namme, dat is no wol oars. Skoallen mei fyftjinhûndert leerlingen. En de bern wienen doe noch net baas op skoalle, dat wie juffrou De Bruijne.

Har opfolchster wie juffrou Schippers, út in ûnderwiislaach, dy is in jier lyn stoarn, se is hûndertfiif wurden. Ús mem sei: "Dy is boas".

Dan wie der mefrou Jensma. ûngetrouden wienen juffrou, de oaren mefrou. Trouden stienen in stapke heger. Mefrou Jensma (geboren Lelsz) joech Natte His (dat hyt no biologie) en Nederlânsk. Wij moesten in kear in brief nei ien as oare mefrou opmeitsje, siz mar in soarte fan opstel. Myn brief wie ferkeard en dy hat se yn alle klassen foarlêzen, dat elk wist hoe't it net moest.

Dan wie der juffrou Van Eelen. Dy hie altyd moaie klean oan. Se hie in prachtige griene jurk, en ek in rose mantelpakje. En mear moais fansels. En aparte skuon. Har heit hie in moadesaak yn de Heerestraat yn Grins, dus dy wie ek net fan de straat. Sij seach net del op it frysk, se die ingelsk, en fergelike it soms mei it frysk. Church en tsjerke, Siward en Sjoerd.

Dan juffrou Korthals fan tekenjen. Har broer in bekend skilder, de famyljenamme komt yn de beste fanmiddens foar.

Fierders juffrou Mesdag fan Frâns, kaam út Grins op in scooter.

In tal jierren lyn ha ik noch kontakt hân mei leraer Baljet. Hij sei, dat al dy ûngetrouden dêr hun ochsa ynsetten foar de skoalle. Der wienen in soad mear as dy, dy't ik hjir neamd ha. It wie in beste skoalle, dêr't de onderwijsvernieuwing noch net taslein hie. Je gonne nei skoalle om wat te learen, dat wie dêr de bedoeling. It muoit mij noch dat ik dat doe net yn'e gaten hie.

It gebou is der noch. Op'e gevel stiet: MIDDELBARE SCHOOL. It hearde letter bij meubelzaak Dijkstra fan de Nijstêd, ik wit net at it noch sa is.


It Prinsessehof dêr tsjinoer dêr is in ramp mei gebeur. Doe't ik op skoalle wie, wie it noch kretktsa as bij Maria Louise van Hessen Kassel, Marijke Meu. Mar doe is der ien kommen út it Westen. As it mij net mist hiet hij fan Romein. Dy hat derfoar soarge dat alles, op de gevel en ien keamer nei, ôfbrutsen waard. No is it in poarslein museum.

De skoalle, dêr't Mata Hari op gien hat, is der ek net mear.



“Ik bliuw by dy”

It is in prachtig boek mei in boadskip oer freonskip der't lytse bern mar ek folwoeksenen wat mei kinne. De yllustraasjes binne ienfâldich mar prachtich (fertaald troch Hermien van der Meer) en it boek is te keap foar € 14,99 by AFûk.



Noch in prachtich berneboek

“Gozert” Dit boek is skreaun troch Peter Koolwijk en oerset yn it Frysk troch Rymkje Zijlstra en bekroand mei de gouden griffel; de yllustraasjes binne fan Linda Faas. It boek is foar € 16,99 by Afûk te keap.



Noch in nije roman fan Gjalt de Groot; hy is opgroeid yn dit wetterlân

“We strûpe derûnder”



It spilet om en naby Grou, Warten en Earnewâld. In striid mei it wetter en in hûrde striid om in skraal bestean yn de âlde Feanen; priis € 17,50 en te keap by Afûk.

Arjan Hut is no dichter fan Fryslân, mar skriuwt ek yn DE MOANNE. Syn bondel ferskynt yn 2023 en hjit: **Ien tel de ierde stil**. Priis € 17,50.

Wylst ik oant it skriuwen bin, moat ik tinke oan it ferhaal fan Tsjalling Beetstra oer Dokkum. Eastrum, dêr't ik hikke en tein bin, leit sa'n 5 km fan Dokkum en foar de measte boadskippen gongen wy op de fyts nei Dokkum ta.

Yn in winter mei genôch iis wie it in oar ferhaal; dan op redens nei de stêd mei de eastewyn yn 'e rêch; wat wie it noflik. En op de grêften mei muzyk, koeke en sûkelarjemolke. Wat in moaie tiid.!!!



Dizze kaart is skildere troch Gosse Koopmans.

Eastrum leit op in terp, mar eartiids is der in stik fan ôfgroeven; dat brocht aardich wat jild op. Letter is de iisbaan dêr oanlein troch frijwilligers út it doarp.

Ik seach noch in foto yn in útjefte fan it Friesch Dagblad. De winter yn ferbrewaris 1979, mei it opskrift :

“Sneeuwjacht Geselt Friesland”

dat wie nochris in winter. De hiele provinsje lei plat en op paad gean wie nea sûnder gefaar. En nettsjinsteande dat wurde de krante bytiden dochs besoarge. Wat in trochzetters yn dy tiid!. De oare dei stie it ek yn de krante. Fan koade read hiene sy yn die barre tiden noch nea heard. Foar yllustraasje ek de foto fan de wite wrâld lykas dy doedestiids yn it Friesch Dagblad stie.



De winters fan no smite oare problemen op. Yn stee fan snie wetter yn de kelders, ek by dy fan ús,. De wetterpomp hâldt it noch in bytsje yn it beage. Mar der komme ek wer oare tiden; de earste liderkes of snieklokjes binne wer sjoen en dat jout ek in gefoel fan maitiid.


De Dorpskamer

welkom bij

Gon en Toon

Dorpshuis Agchelen

Bogaardslaan 81 7339 AN 055 5335144



DE VERSTE BAKKER IN SNEEK,



EN ZO DICHTBIJ.....

0515 - 413 487

FRYSK EN FARSK

DE HAAN'S BAKKERIJ

HOOGEND 13-15 SNEEK

Jierferslach oer it jier 2023 fan it Frysk Selskip "Fier fan Hûs" te Apeldoarn.

It bestjoer fan it Frysk Selskip "Fier fan Hûs" bestie it jier 2023 út:

Henk de Boer, foarsitter, Gerrit Stegenga, skriuwer, Froukje de Wilde, 2^e ponghâlder en boekeferkeap, Lammert van der Meulen, algemien lid en regelaar foar de ferlotting en Atsje Roorda-Kooistra, gastfrou.

It bestjoer kaam yn it jier 2023 seis kear byelkoar om de jûnen en middeis ta te rieden en de rinnende saken te besprekken. Dat wie op 10-01, 16-02, 16-05, 21-09, 12-10 en 30-11.

Op 14-04 waard de Ledegearkomste oer 2022 hâlden.

It kritejier 2023 gong útein mei de de kitemiddei op 11-03. Op it program stie Kabaret Noordenbos en Ko mei harren programma 'Gjin C te Heech'. Spitigernôch koenen se net komme, omt ien fan de spilers de pols brutsen hie. Yn stee dêrfan hie it bestjoer it kabaretselskip Hymphamp ree fûnen en kom mei harren programma nei Apeldoarn. Omt it op 'e jûn moast, wienen der net sa folle minsken as ferwachte wie, mar it bliek dochs in grut sukses.

Op 25-03-2022 hâlde it Frysk Boun om Utens de Algemiene Ledegearkomste en ek de Moetings- en Ynspiraasjemiddei; dit jier yn Lelystêd, dêr't de Sékrite út Lelystêd harren 50 jierrich bestean fierde; dat wie al yn 2022, mar koe doe net trochgean. De akteur Peter Tuinman wie de sprekker op de Moetings- en Ynspiraasjemiddei. Hy is in tige smoute ferteller en hâlde mei tal fan anekdoates de stimming der goed yn. De middei waard ôfsluten mei it selskip Adryf. Fan ús krite wienen 3 leden oanwêzich.

De ledegearkomste waard hâlden op 14-04. Dêr die bliken dat it bestjoer noch hieltyd gjin ponghâlder hat en dat ek de funksje fan twadde foarsitter noch fakant is. It is op it stuit in 'tin' bestjoer. Der waard ôfskie nommen fan 2^e foarsitter Bero Postma, dy't der sels net by wêze koe. Foar syn frou Akke wie der in bosk blommen.

Moai is wol dat de foarsitter wer foar 4 jier ynhierd wurde koe.

It nije seizoen gong fan start mei de middei foar kontaktpersoanen op 27-09. Nei't de organisatoriske saken ôfhannele wienen, spilen wy wat potsjes Frysk Bingo ûnder leiding fan Jehannes de Kroon en syn sydsulver. Dat wie tige gesellich en de pryskes waarden tankber yn ûntfangst nommen.

Op 16-09 wie it jubileumfeest 100 jier Frysk Boun om Utens, yn Swol. De kommissaris fan 'e Kening, de hear Arno Brok, ferliende it Boun it predikaat Keninklik; dat foel fansels tige yn 'e smaak. It feest waard swidens bysetten troch optredens fan sjongers Grytsje Kingma en Rob du Jardin, en fan troebadoer Gurbe Douwstra. De dei waard nei in optreden fan Teatergroep Hymphamp ôfsluten mei lekker iten. It wie in gesellige dei, dêr't fan ús krite 6 leden oanwêzich wienen.

Op 28-10 wie it froulju'skoar 'Tûzen Triennen' by ús yn de Brontsjerke yn Ugchelen. De opkomst fan de leden hie folle better kind: op it toaniel stienen hast mear minsken dan dat der yn de seal sieten. Mar it wie wol tige gesellich.

Dêrmei kaam in ein oan it kritejier 2023.

De **boekeferkeap** rint mei de nije foarrie aardich. Froukje de Wilde hat wer in stikmannich boeken op foarrie, dy't by de kritegearkomsten te keap binne.

En dan it **kritemeilibjen**. Hennie Wiersma en har helpers José Bonder en Sietske Stegenga binne der drok mei. De leden fan de krite wurde âlder en freegje dêrom hieltyd mear omtinken. It wurd dreger foar de froulju. Yn it ôfrûne jier binne 4 leden ferstoarn en hawwe 8 harren lidmaatskip opsein. Op 31-12 wienen der noch 90 leden.

De **kontaktpersoanen** soargen, ûnder lieding fan Johan Nieuwland, derfoar dat de Pinne's en de kritebrieven by de leden komme, foar't safier de kritebrieven net fia de mail ferstjoerd wurde.

Der komme 2 Pinne's út en 3 kritebrieven. Kritebrieven yn april, septimber en desimber. Pinne yn febrewaris en oktober.

Henny Wiersma ferkeapet op de kritegearkomsten har selsmakke kaarten. Lammert van der Meulen soarget foar de prizen by de ferlotting. En by dy ferlotting wurdt hy assistearre troch in oantal leden dy soargje foar de lotteferkeap.

Alle leden fan “Fier fan Hûs”, dy’t der foar soargen dat yn it ôfrûne kritejier de Fryske taal en kultuer wer heech hâlden binne yn Apeldoorn en de wide omkriten, tige tank.

Apeldoarn, febrewaris 2024, Gerrit Stegenga en oaren

SWIMME

Lutske Stienstra

Yn’e krante fertelde in heit dat ûnderwilens in swimdiploma foar de bern €1500 kostet. Dat is dan diploma A. De lessen kostje €59 yn’e moanne.

Doe’t ik it lies, kaam mij ús swimbad yn Hallum foar de geest. Net dat fan no, De Sawn Stjerren, mar dat fan doe yn de Koarfeart. Der stienen dêr wat hokjes, der wie in trepke, it boppeste wie springplanke. Der wienen trije ôfdielings: it earste, dêr koenen je yn stean, it twadde, dêr krigen wij les oan in angel en it tredde, dat kaam út op ‘e Hallumer feart en dêr mochten je hinne as de badmeester sein hie dat je it koenen. Der waard net wurke mei diploma’s. De badmeester dat wie Schaafsma, in plysjeman mei pinsjoen. Doe’t ik seis – sawn jier wie kaam ik yn it earste. Omstebeurt mochten wij oan’e angel. Spreid-sluit-spreid-sluit. Se meitsje optheden in puntmuts, as se swemme mei pipobenen, wat it is, gjin idé.

Ik ha noait wat kinnen mei gymmestyk en sport, it swimmen dat gie aardich, mei 8 jier mocht ik yn it djippe. Je koenen fan it trepke ôf springe as dûke. Heger springe dat koe fan de spoarbrêge ôf. At bussen en swiere frachtweinen bij opdoai de diken skansearden, dan ried it Dokkumer lokaeltsje der deis in pear kear oerhinne.

Schaafsma skreau de temperatueren fan it wetter op in boerd. Op in dei yn 1947 wie it 24 graden, geweldich. It wetter wie net botte skjin. Je hienen nei it swimmen in donkere streep om’e mûle. Afijn, miskien ha wij dêr wjerstean opboud.

It swimmen hat ús heit en mem net in soad koste. Gjin 1500 gûne yn allen gefallen. It heucht mij net, dat se Schaafsma wat betellen, hoe dan ek, it sil net need gien wêze.

HIPPE DRACHT

Binne jo ien dy’t de moade folget? Dan hiene jo yn de njoggentjinde iuw sûnder mis it Frysk kostúm droegen. Dy moade feroare mei de tiid.

Sa wie it fan 1750 ôf hip om sits, in mei de hân ferve blomrike katoen út Indië, yn te setten foar rokken en skelken. Sels striehuodden beklaiden se dermei. Stelle jo jo foar. Dy koene wol sa grut as in weintsjil wêze. Mei toutsjes oan wjerskanten koest him dan fersthâlde. Om 1850 wie it wer hip om in kostúm fan wollen en siden stoffen te dragen.

Nei de Grutte Lânboukrisis (1870-1890) komt der in ein oan it dragen fan dit kostúm.

It kostúm tsjinnet dan allinne noch mar as utering fan de Fryske identiteit. **(GvdM)**

JACHTHÛN MEI SUPERNOAS

‘Bijke , Bijke, Bijke, leaf lyts hûntsje, mei dyn sturt draaisto in rûntsje en al seisto dan gjin wurd, alles sjoch ik oan dyn sturt’. Dit bernelietsje fan Hindrik van der Meer/Marga Claus giet oer de Fryske stabij. Oft dizze jachthûn no oarspronklik fan Spanje, Frankryk of út Fryslân komt, is noch altyd net dúdlik. Wol, dat er hjir yn 1800 al omspaant, faak Bijke neamd wurdt en in fantastyske noas hat.

Oant ‘e ein fan de njoggentjinde iuw nimme Fryske arbeiders it hûntsje op de fyts mei yn in kuorke achterop om as byfertsjinst mollen te fangen yn hiel Nederlân. De mollefeltsjes smite nammentlik in moai bedrachje op. In bijkehûn soe de mol net allinne op hûndert meter ôfstân rûke kinne, mar him fan tichteby ek noch graven hearre!

Yntusken is dizze selsstannige hûn ek yn Skandinavië te finen. **(GvdM)**



Fleurop



bloemen met een boodschap

Wy binne net de grutste en wis ek net de goedkeapste. Wat wy wol bewoare:

Wy hawwe in grut assortimint tsjin reedlike prizen.

Jo moatte mar ris komme te sjen !!!

H.J. STEGEMAN

Email: margrietbloemen@vbw-groenplein.nl

www.flowerserviceapeldoorn.com

Schubertlaan 20, 7333 CV Apeldoorn, Till. 055-5332655



FUTURUM GEAR
ONLY AVAILABLE AT WWW.FUTURUM.CC

These garments weren't designed for ordinary people. They were designed for cyclists. Half man, half bike. Both halves as light as possible, so they can carry the heavy desire of the mind. And the pain.

Futurum is a natural born cyclist. Futurum feels what you feel. Whether it's the excruciating pain in your legs or the indescribable sense of fulfillment when the ride is over. Futurum understands why on earth you keep on getting back on your bike over and over again.

Futurum knows you need an outfit that takes you through the torment. An outfit that makes you look good and feel good, despite your agony.


It flashes through your mind
"Why am I doing this?"

But you know there will be a next time.
And a next one!


**FEEL FREE. FUTURUM.
THE CYCLING EXPERTS.**

Nergens tevredener dan in Noord-Friesland


Tevredenheid met het leven



Mediaan besteedbaar inkomen per huishouden
(x 1.000 euro)



Natuurgebied per inwoner
(ha. per 1.000 inwoners)



Jild seit net alles oer tefredenheid. Yn in earme regio kinne de lju tefredener wêze as yn in riken, en se ha it oer it algemien better. Mear natûr,rêst en frijheit helpe dêrbij. Yn de grutte stêden (tichter bewenne) is mear ellinde. Minsken binne soms lykas dieren, nammenste mear hinnen as bargaen yn in hok, nammenste mear de fearren ôfpikt wurde as de sturten ôfbiten.

Kontakt persoanen

Dhr J. Nieuwland	2e Johannesstraat 19, 7331 CE Apeldoorn, 055-5332130
Dhr. S.P. Hofstra	Prins Mauritslaan 7, 7316 EL Apeldoorn 06-49101989.
Mefr. A. Dwarshuis-van Driel	Zwolsesweg 40, 7315 GM Apeldoorn 055-5220114
Dhr. L. van der Meulen	De Parkelaar 11, 7339 JC Ugchelen, 055-5341500
Mefr. S. Stegenga – Schilstra	Germanenlaan 26, 7312 JA Apeldoorn 055-3556700
Dhr. L. Toering	Wim Helderlaan 13, 7334 CR Apeldoorn, 055 5338734
Dhr. J.W. Kooistra	Pachtersveld 111, 7327 CS Apeldoorn, 055-5421259
Dhr. J. Klooster	Transformaterhof 33, 7331 XA Apeldoorn 055-3671597
Mefr. A. de Boer – Holwerda	Lindelaan 22 , 7391 JZ Twello, 0571-273036
Mefr. F. de Wilde - Witteveen	Rentmeesterhof 7, 6961 DB Eerbeek, 0313-654859
Dhr. G. Beldman	Het Have 12, 7232 DT Warnsveld, 0575-525504
Mefr. A. Roorda – Kooistra	Jacob Meijlinkstraat 18, 7425 SM Deventer, 0570-591174

Ut ‘e Pinne is it ferieningsblêd fan it Frysk Selskip Fier fan Hûs Apeldoorn

Utjefte: Frysk Selskip “Fier fan Hûs” Apeldoorn, 57^e jiergong nûmer 2 febrewaris 2024

Redaksje: Henk de Boer, De Wezeboom 4, 6971 HP Brummen, 06-53929111

henkank.deboer48@kpnmail.nl

Fryske oersetting: Lutske Stienstra

Lidmaatskip

Frysk selskip “Fier fan Hûs” Apeldoorn

Ynlage foar in jier € 15,00

Betankje allinnich skriftelik en foar 1 novimber by de skriuwer. Op 1 novimber wurdt it lidmaatskip automatysk mei in jier ferlinge.

Kontribúsje betelje op NL67 RABO 0303 3512 17 o.n.f. Fier fan Hûs Brummen

Een veilige haven
in moeilijke dagen



ROUWCENTRUM

Rouwenhorst

SINDS 1901

Christiaan Geurtsweg 24 - 26

7335 JV Apeldoorn

055 - 5414089 (dag en nacht)

www.rouwcentrum-rouwenhorst.nl

